

Edysje 2024

# KF JAN REITSMA

REDUZUM

12

Hoe is 'KF Jan Reitsma Reduzum',  
oan de Eelke en Anna-partij kommen?

6/7

Efkes foarstelle  
Anique Sikkes en  
Ronald van der Meulen

13

Nije ôfdielingsshirts mei nije  
en fertroude sponsors



## IT BESTJOER

### Haadbestjoer

Sjoerd Hofstee  
Willem Fopma  
Klaas Hijlkema  
Margriet Wissmann  
Ronald van der Meulen

- foarsitter
- technyske saken
- materiaalsaken
- skriuwsaken
- algemiene saken

### Jeugdbestjoer

Annie van Dijk  
Andreas Moos  
André Zijlstra  
Kirsten Jorritsma  
Anique Sikkes

- foarsitter
- de regelaar
- gongmakker
- tige entûsjast
- fan de ideeën

### Ponghâlder

André Zijlstra

### Fjildliskommisje

Johannes Roorda  
Auke Huistra

# Kolofon

### Krânsekommisje

Marco Zijlstra  
Jelle Roorda  
Loekie Kooistra  
Jeroen van Dijk  
Hester Brinksma  
Geesje Bloem  
Jeltsje Brouwer  
Hendrika Steerenberg  
Jannet Bosma  
Anke van der Meulen  
Mirjan de Boer  
Ingrid Hof  
Gerda Huisman

### Lede-administraasje

Andreas Moos

### Sponsorkommisje

Kirsten Jorritsma  
Jelmer Lageveen

### Technyske komisje

Marjanne Rinsma  
Anke Rinsma

[www.kaatsverenigingjanreitsma.nl](http://www.kaatsverenigingjanreitsma.nl)  
[kfjanreitsma@gmail.com](mailto:kfjanreitsma@gmail.com)

# Foarwurd

120 jier! It is in leeftiid dêr't eins gjin minsk by yn de buert komt. Mar ús KF Jan Reitsma Reduzum wol. Dit jier stean we seker ek stil by dizze mylpeal. En we fiere it fansels! Op sneon 29 juny dogge we dat mei in optreden fan de manlju haadklasse op ús fjild én in feestje op it fjild nei ôfrin. Yn april giet in diel fan ús jeugd al op kamp nei It Amelân en ek foar de jongere jeugd stean der moaie saken op it programma om dit jubileum te fieren.

Fansels ha we ek dit jier wer in gewoane wedstriidaginda foar de jeugd en de senioaren. By de folwoeksen keatsers is der sawol fraach nei keatsen mei de lytse as de grutte bal. We sille derom dit jier besykje de leden mear kar te jaan mei hokker bal te keatsen. Sjen wêr't jim yn mearderheid foar kieze? In oersjoch fan de wedstriidaginda fine jim fansels fierderop yn dit boekje.

Ek kinne jim lêze oer de skiednis fan de Eelke en Anna partij. En oer de nije ôfdielingsshirts en de sponsors fan dizze nije shirts. Mei de fernijde namme dy't wy ferline jier oannaam ha, wie it ek tiid foar nije ôfdielingsshirts. We bin der tige wiis mei dat we mei help fan sponsoring dizze no ek yn gebrûk nimme kinne.

Oer shirts sprutsen: wisten jim al dat jim in jubileumshirt keapje kinne? Ja, mei dyn eigen namme efterop. Foar mar € 17,50 rinne jim der superkek by én ha jim in shirt mei ivichheidswearde .

Jim lêze it, dit keatsseizoen is noch net iens los en it is al allegear aksje by ús keatsferiening. En dan fine jim fierder yn dit boekje ek noch de skema's fan bygelyks it trainen en de kompetysje.

Hast do noch net (faak) keatst mar liket dy dat al wat ta? Kom dan ek ris del. Dit jier kin dat ek op de freedtejûn. Krekt dy jûn wolle we benutte om elts, ek al ha jo noch nea keatst, yn de kunde komme te litten mei it keatsspul.



Hartstikke leuk, sportyf en gesellich. Skarrelje dy keatsmof dus op of lien ien fan in oar en kom ek ris del. Keatse yn Reduzum: der wolsto ek by wêze!

En oh ja, wistest dat wy hjoed-de-dei as keatsferiening ek op Insta sitte?! Sykje mar gau op.

Ut namme fan it bestjoer,  
Sjoerd Hofstee

*Op de foarside in foto út it argyf. Hjir steane Easge Kuipers, Obele Lantinga, Jan Hiemstra, Rinse van der Haak en Jan Heida op. Hjir boppe sjogge jo Easge Kuipers yn 1977, sa as hy doe altyd op it sportfjild oanwêzich wie.*



# Nieuws voor onze jeugdleden

Nog een paar weken en dan gaan we weer beginnen op het veld. Achter de schermen zijn we alweer een paar maanden bezig met de voorbereidingen. Ten opzichte van voorgaande jaren zullen er een aantal dingen veranderen. Deze veranderingen willen we hieronder met jullie delen. Verder is er onder de diverse hoofdstukken te vinden hoe dit geregeld is voor de jeugd.

Zit je in groep 3 of hoger en wil je graag komen kaatsen? Kom op de maandags gerust langs, dit vinden wij superleuk. De eerste twee keer mag je gratis meetraineren. Vind je het leuk en wil je verder mee blijven trainen, dan vragen wij jouw ouders/voogd om het aanvraagformulier in te vullen en zo lid te worden van onze vereniging.

*Vorige jaren trainden de beginners een half uur en was het voor hun gratis. Omdat de groep beginners vervalt en je nu bij de kabouters een uur traint vragen we nu ook contributie van de allerjongste kinderen.*

## OUDEERS

Net als vorig jaar zal er tijdens de eerste training op maandagavond 15 april 18.30 uur een ouderavond zijn. Wij willen jullie van harte uitnodigen om hierbij aanwezig te zijn.

Daarnaast zouden we het geweldig vinden dat we tijdens de trainingen en competitie op dinsdagavond op jullie hulp als ouders/verzorgers mogen rekenen. Denk hierbij aan een balletje aangooien op de training of de punten bijhouden met de competitie. Alle hulp is welkom.

## TOT SLOT

Helaas moeten we afscheid nemen van Margreet en Janneke, zij hebben aangegeven dit jaar te stoppen als jeugdbestuurslid. Graag willen wij hun bedanken voor hen inzet van de afgelopen jaren. En we hopen de dames nog vaak tegen te komen op het kaatsveld.

Margreet en Janneke ontzettend bedankt.

*Anique Sikkes komt het JB versterken, maar we hebben ook nog een vacature in het jeugdbestuur. Heb je interesse of vragen? Stel ze gerust. Ook hier is alle hulp welkom.*

**SAMEN STAAN WE STERK.**


# Algemiene saken

## BALLEN

Wolle jim oefenje? Under sechstjin jier wurdt der allinne oefene mei in begelieder! Dan binne keatsballen ôf te heljen by Willem Fopma 06-15115421.

## LID WURDE

Lid wurde kin altyd, it is net djoer en keatsen is in moaie sportive aksje lekker tichtby hûs. Senioaren betelje € 32,50\*. Leden oant 18 jier binne jeugdled en betelje € 25,- per jier\*. Wolle jo stiper as donateur wurde, dan kinne jo mear lêze yn it stik 'Keatskammeraat'.



## FRIJWILLIGERSTAKEN: WE DOGGE IT MEI SYN ALLEN

Us feriening draait folslein op frijwilligers. Sa binne der in protte leden aktyf yn it bestjoer en ferskate kommisjes. Oaren jouwe bygelyks training oan de jeugd. Mar dêrmei bin de taken dy't binnen ús keatsferiening jierliks nei foaren komme noch net allegear ôfdutsen. Wat te tinken fan in tsjinst draaie yn de sportbar, de rol fan karmaster oppakke of fjilden lizze. Foaral by ús jeugdkeats(t)ers kinne we net sûnder de nedige begeleiding. Utgongspunt by dit alles yn ús feriening is: elkenien docht wat. Dat betsjut dat elk lid of âlder fan jeugdleden tenminste ien taak tawiisd kriget. Wa't lid is of wurdt, of fan wa't de bern lid binne, kommittearret him as har hjir oan. Oer it generaal rint dat dat it slydjaget! Somtiden krije we ek fragen werom soks nedich is. De reden is dat we mei-elkoar sterk stean en it mei-elkoar drage moatte én meie. Op dizze wize hâlde we ús feriening fearkrêftich en klear foar no en de takomst.

## KEATSWANT/KEURING

Fan de kategory jonges en de famkes ôf is in goedkarde registrearre keatswant ferplicht by eltse KNKB-wedstriid. Nim it sertifikaat mei, as soargje foar in foto op dyn telefoan. Wolst dyn want keure litte, sjoch dan op de webside fan it KNKB, meastal is dit op in moandeitejûn. De keuring fynt plak yn sporthal De Trije yn Frjentsjer. De kosten binne € 3,00 kontant.

*\* Foarstel is om de kontribúsje by de ALV te ferheegjen mei € 2,50*

*Wolle jo net mei in foto op sosjale media as yn it boekje, jou dit dan oan by it bestjoer.*



# Efkes foarstelle...

## ANIQUE SIKKES

Myn namme is Anique Sikkes en fan dit jier ôf kom ik it jeugdbestjoer fersterkjen. Ofrûne seizoen ha ik al in bytsje meiholpen om te sjen hoe't alles in bytsje giet mar fan no ôf is it definityf. Mei Jurjen en ús twa bern Yesper en Fardau wenje wy no yntusken seis-en-in-heal jier yn ien fan de geselligste strjitten fan Reduzum. Hjirfoar wennen wy yn Ljouwert. Doe't Yesper berne waard ûntstie der hieltyd mear de winsk om fan de stêd nei in doarp te gean en dat waard úteinlik Reduzum. Sels bin ik opgroeid yn Earnewâld, in doarp dat libbet fan de wettersport. It is dan miskien ek net hiel gek dat ik ek de leafde foar de wettersport ûntwikkele ha.

Us heit sylde jierren mei yn de SKS foar it Earnewâldster skûtsje en sels haw ik jierren yn de IFKS fearn mei de Engelina Smeltekop yn de lytse klasse. Ek no binne we in soad op it wetter te finen mei ús eigen seeskou de Dreamer.

### *Wat hast dan mei de keatssport?*

Oant twa jier lyn eins net safolle. Ik tink dat it no sa 'n trije jier lyn is dat ik tegearre mei Yesper by in training fan syn grutte skûtsjemaat Rindert sjen soe en dat hy dat wol hiel leuk fûn. Mar goed it wie ein seizoen en we tochten dat it wol oerwaaie soe. Mar it is net oerwaaid en Yesper fynt it noch hieltyd in prachtich moai spultsje. Troch syn training te folgjen en syn entûsjasme, begjin ik it spultsje hieltyd better te begripen en aardich te finen.

Graach sjoch ik jimme takom seizoen op of om it fjild.



## RONALD VAN DER MEULEN

### *Myn jeugd*

Op Joksewei 1, it earste hûs by de yngong fan it sportkompleks yn Reduzum. Yn 1979 seach dizze knaap it libbensljocht. Ronald is myn namme, al 44 jier. Yn dizze jierren haw ik it oergrutte diel keatst, yn de jeugd wat fanatiker as tsjintwurdich. Soan fan Otto en Gerrie van der Meulen, broer fan Martijn en Marianne. Sa't myn broer en suster keazen foar kuorbal, lei it keatsen my better. In soad wille hawwe we hân: kompetysjekeatse yn Reduzum, keatstraine yn de sportseal yn Reduzum, federaasjekeatse yn de regio, KNKB jeugdwedstriden troch de provinsje. Sels op de Freule mochten we stean. It wie genietsjen. De keatstop wie foar my net weilein, dat hindere my ek net safolle. It spul keatsen, de omgong mei-elkoar en minsken moetsje fûn ik op himsels al prachtich.

### *Tsjintwurdich*

Nei in jier as wat hielendal net mear keatst te hawwen, troch oare drokte, haw ik twa jier lyn wer ris de keatswant yn de kast opsocht. Kompetysjekeatsen op woansdeitejûn wie foar my wer yn wyklikse aktiviteit. In aardige bykomstichheid wie dat de minsken dy't der ek keatse, in dikke 35 jier lyn my doe al it keatsen leard hawwe. Der kin ik fan genietsje.

### *KF Jan Reitsma*

De minsken dy't it doe mooglik makke hawwe om ús keatse te litten, wiene ûnder oare de âlden fan doe. No binne wysels âlden, is it oan ús om der ynfolging oan te jaan foar de jonge keatsers fan no. Oer de fraach om yn it keatsbestjoer in plakje yn te foljen hoegde ik derom ek net lang nei te tinken. De fraach wie mear 'wannear'? Nei in oantal jierren de boat of te hâlden fanwege drokte thús mei it ferbouwen fan ús hûs yn Friens. Is it yntusken werklikheid wurden.

### *Gesin*

Myn frou Anke haw ik moete by in fakânsjebaantsje yn de hoareka. In tal jierren letter krigen we wat en kochten we ús earste hûs yn Idaerd. Nei sân moaie jierren oan de Friesmawei, dêr't ek ús Pytrik en Jelke berne binne, krigen we de kâns op in moai plakje yn Friens. It wie altiten al in dream om der nochris wenje te meien.

### *Hobbys*

Mei it bouwen, ien fan myn hobbys, dêr't ik in soad enerzjy úthelje kin, koe ik yn Friens myn hert ophelje. Neist it gesin binne it besykjen fan konserten, kuerje yn de natoer, lekker ite en drinke, fuotbal fan SC Hearrenfean, boatsjefarre, sile op in skûtsje ek saken dêr't de frije oerkes mei folle wurde.

### *Wurk*

Itselde bouwen is ek myn wurk by boubedriuw Bootsma yn Easterwierrum. Earst op de wurkflier as timmerman en de lêste sân jier as kalkulator/wurktarieder op kantoar.

### *Takomst*

Foar de keatsferiening soe ik graach sjen dat dizze ûnfermindere trochgiet mei it bestean. It is neffens my in ûnmisbere skeakel foar de mienskip yn de de trije doarpen en dêrtusken. Dêrom bin ik grutsk dat ik dêr ûnderdiel fan útmeitsje mei.



# Kaatstrainingen en vrij kaatsen op vrijdagavond

## JEUGDTRAINING

Vanaf maandagavond 15 april 2024 gaan we weer beginnen met de veldtrainingen. De kabouters en welpen starten om 18.30 uur, graag 5 min. voor aanvang aanwezig zijn. Dit jaar maken we geen onderscheid meer tussen beginners of kabouters. Vanaf groep 3 word je ingedeeld in de groep kabouters en krijg je een uur lang training. Er is het komende jaar dus niet meer een groep die een half uurtje traint. De groepsindeling wordt samen met de trainers gemaakt en zij zullen gedurende de trainingen bekijken of je in uitzonderlijke gevallen door kunt stromen naar een andere groep. Zij werken nauw samen met de kinderen en kunnen dan ook het beste een inschatting van het niveau per kind maken.

*De tijden zijn als volgt:*

Kabouters (vanaf groep 3)	maandag	18.30-19.30 uur
Welpen (geboortjaar 2013 en 2014)	maandag	18.30-19.30 uur
Pupillen (geboortjaar 2011 en 2012)	maandag	18.30-19.30 uur
Schooljongens en -meisjes	maandag	19.30-20.30 uur
Jongens en meisjes	maandag	19.30-20.30 uur

*Data*

15 april, 22 april, **(13 mei alleen schooljongens en -meisjes en jongens/meisjes i.v.m. avondvierdaagse)**,  
27 mei, 3 juni, 10 juni, 17 juni, 24 juni, 1 juli en 15 juli.

## SENIOAREN EN JUNIOAREN

Foar senioaren en junioaren is der op woansdeis fan 24 april ôf foar de kompetysje mooglikheid om te trainen van 18.45-19.45 oere ûnder lieding fan Frederik van Dijk. Wolst meidwaan? Lit it dan in wike yn it foar witte by Willem 06-15115421.

## VRIJE TRAINING JEUGD

Wil jij je opslag verbeteren, of misschien een wedstrijdje doen. Wij willen onze jeugdleden de kans geven om op vrijdagavond van 18.30-19.30 uur zelf te kunnen trainen. Deze avond kun je gebruik maken van het materiaal van de kaatsvereniging. LET OP er is geen trainer aanwezig, het is echt de bedoeling dat je zelf gaat trainen. Wel zal er iemand van het bestuur aanwezig zijn om het materiaal uit te geven en weer in te nemen.

## FRIJE TRENING SENIOAREN

Hast neist alle trenings nocht om in baltsje te slaan as wolst ris in kear wat besykje? Op freedtejûn fan 18.30 oere ôf, kin dat! It hok is los en kinst in line as in pear baltsjes pakke om frijwillich in baltsje te slaan. Der binne grif in tal entûsjastelingen as ien fan bestjoer dy't dy op wei helpe kin ast der net útkomst. Wol alles wer netsjes opromje! Neist keatsen, kinst ek it muorrekeatsen ris besykje. Ek hjir kinst fan 18.30 oere ôf it spultsje ris besykje, de kompetysje fan it muorrekeatsen begjint om 19.30 oere.





Haedstrjitte 29  
9008SR Reduzum

06-10099030  
[www.bernewrald.nl](http://www.bernewrald.nl)



Haedstrjitte 29  
9008SR Reduzum

06-10099030  
[www.itsutelplak.nl](http://www.itsutelplak.nl)

# SjdB

GEVEL- EN  
DAKBEPLATING



## ReduRisk

Adviseurs in Risicobeheer

VAN DER **WERFF**

**LOGISTICS**

sinds  
1916



**IBEX**  
PROJECTS



PERSBUREAU LANGS DE  
**MELKWEГ**

BETAALBARE, INNOVATIEVE  
AFDEKSYSTEMEN!

**Agridek**  
afdekinnovatie



www.agridek.nl

> Portaalstelsel > Reilsysteem > Haspelsysteem > Afdekkliden en -slangen



**Van der Meulen**  
Installatietechniek

Reduzum

**Martijn van der Meulen**

- ⊕ +31 6 131 658 68
- Ⓞ www.vandermeuleninstallatie.nl
- Ⓛ info@vandermeuleninstallatie.nl

**Werff talent**

Brengt talent en werk samen



**SALARIS XPERT**

Salaris | Detachering | Personeel

Ayttawei 24  
9008 SL Reduzum  
k.hijkema@outlook.com



**K. HIJKEMA**  
TIMMER- EN ONDERHOUDSBEDRIJF

**Klaas Hijkema**  
T 06 484 804 49

**ELECTRA  
REDUZUM**



- ◆ gas
- ◆ water
- ◆ electra
- ◆ c.v. installatie
- ◆ dakbedekking
- ◆ zinkwerk

Haedstrjitte 46  
Reduzum  
tel: 0566-601554  
fax: 0566-602365

**Café Bar de Welp**



*Voor al uw feesten  
en partijen, kom  
gezellig langs bij  
fam. van Dijk*

Haedstrjitte 14  
9008 SP Reduzum  
Tel. 0566-601541  
cafebardewelp@hetnet.nl  
www.cafebardewelp.nl



**SF bouw**

Timmer- & onderhoudsbedrijf

**Snelle service, lage prijzen**  
Stap dan binnen bij



**Astrid Sportprijzen**

Jacob Algerasingel 33  
9088 AT Wirdum  
Tel: 06-48204899  
www.astridsportprijzen.nl

# Hoe is 'KF Jan Reitsma Reduzum', oan de Eelke en Anna-partij kommen?

*Yn 1982 waard foarsitter Hijlarides skille troch dhr. Hacquebord út Dokkum.*

*Hy frege: "Binne jo de foarsitter fan de keatsferiening? Ja..., moai, dan wit ik earst genôch." "Mar ho ris efkes, wat wolle jo einliks?", frege Hijlarides. Dêr kin ik op it stuit nog neat oer sizze, mar ik kom hjir ynkoarten op wêrom en kin jo dan mear fertelle". Soks makket tige nijsgjirrich. Der waard wurd hâlden, rom fjirtjin dagen letter kaam der wer in tillefoantsje, doe mei de útnûging om lâns te kommen en te praten oer it skinken fan in stik lân wat lei op Hatsum ûnder Dronryp.*



De keatsferiening hat mei in delegaasje nei de famylje Hacquebord west. Dizze minsken wiene fertrouwenspersoan foar Eelke en Anna. Ek wie harren notaris dêr oanwêzich. Hjir waard harren plannen kenbar makke. It gie om in stik lân fan twa-en-in-heal hektare, ôfkomstich út de pleats dêr't harren âlden op buorke hiene. It stik lân wie yn gebrûk by harren neef Frâns de Boer yn maatskip mei skoansoan Geert Hofstra. Wat siet hjir efter? Eelke en Anna fregen in hierpriis fier ûnder de normale pachtpriis. Hja tochten sa altyd sels baas te bliuwen oer it lân, om't hja fan doel wiene om nei Dronryp te ferhúzjen. Geert woe it regelje neffens de regels en makke de taksearre pachtpriis oer. Daliks waard de helte dêrfan wer werom stoarten en Geert hie it foar altyd bedoarn. Hjir pakten de âldelju sa mei om, dat sy woene it by it libben regelje, dat Geert nea eigener fan it lân wurde koe. It waard ús oanbean foar it symboalyske bedrach fan.... ien gûne. In prachtige skinking.... mar dan komt it.

As keatsferiening binne jo net in stichting of in nutsynstelling en dan wurde jo foar 46% suksesjerjochten oanslein. It lân wie doe rûchwei 55.000 gûne wurdich. It keatsbesjoer hat it foarlein oan in notaris. Ungefear 25.000 gûne liene mei rinte en ôflossing waard ôfret. Sadwaande gong de delegaasje mei in literke jonge jenever nei Eelke en Anna om it ôf te sizzen.

Eelke en Anna fûnen it sa sneu foar de keatsferiening, dat se in legaat skonken ha fan 5000 gûne, dat fêstsetten wurde moast en dêr't dan jierliks de 'Eelke en Anna-ledepartij' fan ferkeatst wurde moast. Eelke en Anna hawwe ien kear yn Reduzum west by de nei harren ferneamde ledepartij. Ek binne der nochris foto's stjoerd fan dizze partij. Eelke is inkele jierren letter ferstoarn. Anna is dêrnei noch ferhuze nei it eardere brêgewachtershúske yn it hert fan Dokkum. Besite fan út de keatsferiening waard net mear op priis steld. Hiene se doe yn de takomst sjen kinnen, dan hie it miskien dochs oars moatten. Ein jierren njoggentich is der lân ferkocht by in pleats op Hatsum foar 85.000 gûne de hektare.



# Nije ôfdielingsshirts mei nije en fertroude sponsors

*Keatsferiening Jan Reitsma Reduzum wie, mei troch de fernijde namme, ta oan nije ôfdielingsshirts. Dy komme der en dizze kear foar it earst mei help fan in sponsor, of eins twa. De primeur is nammentlik foar de bruorren Wilco en Sjoerd de Boer mei harren bedriuwen ReduRisk en SjdB gevel- en dakbeplating. In pear fragen oan harren.*

## **Werom woene jimme graach sponsor fan de ôfdielingsshirts wurde?**

'Wy binne mei ús bedriuwen al jierrenlang aktyf yn de sponsoring fan ferskate sporten. Sa is Sjoerd mei SjdB klupsponsor by de top-kuorbalklup LDODK yn De Gordyk. Wilco is mei syn bedriuw haadsponsor fan KV Mid-Fryslân/ReduRisk. Ek ha we beide earder sponsor west fan de haadklasse keatsers fan Puur Passie en in frouljuspartoer fan Team Fjoer. Dit jier is Wilco mei ReduRisk ek noch sponsor fan haadklasse keatser Steven Koster.'

'It keatsen drage wy dan ek in waarm hert ta. En seker ek lokaal. No docht him de kâns foar om de keatssport yn eigen doarp, foar de eigen feriening, te stypjen. Dat is dûbel sa moai! Wy binne grutsk dit dwaan te kinnen.'



## **Hoe fine jimme dat de nije shirts slagge binne?**

'Dy binne prachtich wurden, tige slagge. Kin net better, fine wy. In moaie frisse útstrieling dy't by ús keatsferiening past.'

## **Wat hoopje jimme mei dizze sponsoring te berikken?**

'Fansels is in stikje bekendheid fan de namme fan ús bedriuwen fijn, mar we fine it foaral moai dat we dit mei de keatsferiening en foar de trije doarpen dwaan kinne. Nije shirts kinne helpe by in frisse, fanatike en represintative útstrieling fan ús keatsferiening. En fansels hoopje we dat in nij tenu helpt by it leverjen fan moaie resultaten fan ús keats(t)ers op de Fryske fjilden.'

## **Kinne we jimme sels ek nochris yn aksje sjen yn de ôfdielingsshirts fan de keatsferiening?**

Nei in brede gniis ... 'Wy hoopje dat ús bern (Trynke, Margriet of Daam) noch ien as meardere kearen earne yn it shirt yn Fryslân te sjen wêze sille. Sels hawwe wy ús pyk al hân.'

# Competitie en pilots

## Competitie (vanaf groep 5)

Kinderen vanaf groep 5 mogen hieraan meedoen, tenzij de trainer vindt dat je op jongere leeftijd deze uitdaging aankan. Elke competitieavond wordt er één wedstrijd gekeatst. Na afloop van de hele competitie worden alle punten opgeteld en de winnaar bekend gemaakt.

(Oanwêzich 18.30 -----> start 18.45)

**Data: 16/4, 23/4, 28/4, 4/6, 18/6, 2/7, 16/7**  
Op 14 mei is er in verband met de avondvierdaagse geen competitie. Dit geldt voor alle categorieën. Op 16 juli worden na afloop van het kaatsen, de diploma's en de winnaars van de competitie en Kaphûskompetytsje bekend gemaakt.

## Kaphûskompetytsje

De Kaphûskompetytsje bestaat dit jaar uit vier wedstrijdavonden, waarvan de drie beste resultaten tellen. Bij deze competitie worden er twee omlopen verkeatst op één avond.

(Oanwêzich 18.30 -----> start 18.45)

**Data: 21/5, 11/6, 25/6, 9/7**

## Diplomakeatsen

Op deze avond wordt gekeken naar onder andere jouw balvaardigheid. Dit is op maandag 8 juli. Wees er om 18.30 aanwezig om mee te kunnen doen.

*Heb je vragen hierover neem dan contact op met Andreas Moos 06-34952039.*

## Kompetytsje jonges/famkes, junioaren en senioaren (foar leden 2005 en âlder)

Fan woansdei 17 april ôf om 19.45 eltse woansdei efkes lekker in baltsje slaan, mei de grutte finale op de jubileumjûn op 13 septimber. Nei ôfrin efkes noflik sitte! Kom der by, it is sportyf gesellich.

(Oanwêzich 19.30 -----> start 19.45)

## Kompetytsje muorrekeatsen Kompetytsje jonges/famkes, junioaren en senioaren

Fan freed 19 april ôf eltse wike efkes it wykein ynleide mei in baltsje slaan tsjin de muorre (Oanwêzich 19.15 -----> start 19.30, oant 20.30 oere yn it spul)




*Graach nei de wedstriid eigen perk en oar materiaal oprêde en yn it hokje bringe.*

## Oansprekker kompetysje

Manlju/froulju: Piet Brouwer

Jeugd: André Zijlstra

Muorrekeatsen: Willem Fopma





# Muorrekeatsen

It muorrekeatsen slacht aardich oan yn Reduzum. Yn 2022 binne we foarsichtich losgien mei in kompetysje op de freedtejûn. Yn 2023 kaam der noch mear folk op ôf, mei as hichtepunt in toernoai op 28 july, midden yn de simmerfakânsje. Mar leafst 16 dielnimmers namen it tsjinelkoar op, it naaide der út. Winners wiene úteinlik Esther Elzinga en Johannes Gerben Brinksma.

Foar 2024 stean der in pear nije saken op it programma. We wolle graach in lyts frij oerke ynplanne foar minksen dy it ris besykje wolle sûnder druk fan kompetysje of publyk. Dat sil wêze freeds fan 18.30-19.15. Op 24 maaie komt in ploech út Grou foar in echte ynterlân tsjin ús toppers fan Reduzum. En fansels ek dit jier in toernoai, no op 19 july. Ta beslút kin ik sizze dat de finale fan it muorrekeatsen op de jubileumjûn op 13 septimber plak fine sil.

Muorrekeatsen blykt in leuk spultsje te wêzen dêr't je yn in koart tiidsbestek efkes lekker dwaande binne. Der komt taktyk, ynsicht, goed fuotwurk en sûplesse by te sjen en je hawwe beide hannen echt wol nedich. Dat komt op it fjild wis wer fan pas! Twa tsjin twa spylje we meastal en wa't it earst by 21 punten is, is de winner. Ek kommend seizoen sille we wer op de freeds los, we starte op 19 april. Nijsgjirrich? Kom in kearke lâns op freedtejûn, fan 18.30 oant 19.15 oere om dit spultsje te besykjen. Om 19.30 start de kompetysje.

# Evenemintekalinder

## Jeugd

datum	tiid	evenemint	foar wa	sponsor
12/14 apr.		Jubileumwykein It Amelân jeugd	groep 7-skoaljeugd	
15 april	18.30	1e training jeugd en ynfojûn âlden	kabouters (gr3) , welpen, pupillen, skoaljeugd, jonges, famkes	
16 april	18.30	Start kompetysjekeatsen jeugd	kabouters (gr5), welpen, pupillen, skoaljeugd	
20 april		Jubileumútstapke jongste jeugd	kabouters (gr3) o.e.m groep 6	
21 april	13.30	Keatsclinic jeugd mei Puur Passie	kabouters (gr3), welpen, pupillen, skoaljeugd, jonges, famkes	Puur Passie
27 april	10.00	Keningskeatsen	kabouters (gr5), welpen, pupillen, skoaljeugd	Van der Meulen Install
5 maaie	10.00	KNKB jonges A+B	jonges	Salaris Xpert
19 maaie	10.00	Strjittekeatsen	kabouters (gr5), welpen, pupillen, skoaljeugd	Cafe bar De Welp
23 juny	10.00	Ledepartij mei en yn Wytgaard	kabouters (gr5), welpen, pupillen, skoaljeugd	Electra Reduzum
14 july	10.00	Ferrassingspartij	kabouters (gr5), welpen, pupillen, skoaljeugd	Multiservice Roorda
7 sept.	13.30	Frije Federaasje	welpen, pupillen, skoaljeugd jonges en famkes	Ferskate

## Senioaren/junioaren/jonges/famkes

datum	tiid	evenemint	foar wa	sponsor
17 april	19.30	Start kompetysjekeatsen	jonges, famkes, junioaren en senioaren	
24 april	18.45	Start training junioaren/ senioaren û.l.f. Frederik van Dijk	jonges, famkes, junioaren en senioaren	
27 april	13.00	Keningskeatsen mei lytse en sachte bal	jonges, famkes, junioaren en senioaren	SF Bouw
12 maaie	13.00	Eelke en Anna partij lytse en sachte bal	jonges, famkes, junioaren en senioaren	Werff talent
19 maaie	13.00	Strjittekeatsen	jonges, famkes, junioaren en senioaren	Cafe bar De Welp
2 juny	13.00	Molenpartij	jonges, famkes, junioaren en senioaren	Ferskate
29 juny	11.00	HK manlju jubileum	senioaren KNKB	Ferskate
29 juny	17.30	Jubileumfeestje 120 jier KF Jan Reitsma	alle leden en leafhawwers	
12 july	21.00	Nachtkeatsen	jonges, famkes, junioaren en senioaren	lbex Projects
19 july	19.00	Muorrekeatstoernoai	jonges, famkes, junioaren en senioaren	Timmer- en onderhou Klaas Hijlkema
31 aug.	13.00	Merkekeatsen sachte bal t.e.l.	jonges, famkes, junioaren en senioaren	
1 sept.	10.00	KNKB 1e klasse manlju en froulju	senioaren KNKB	keatskameraten
13 sept.	18.30	Finale muorre- en kompetysjekeatsen	jonges, famkes, junioaren en senioaren	
15 sept.	10.15	Teatsen	jonges, famkes, junioaren en senioaren	Ferskate

# Fjildlisskema

# Kantineskema

	datum	tiid	fjildlizzers	datum	tiid	wa?
installatietechniek				27 april	09.30-12.30	Klaske Tigchelaar
	4 maaie	19.00	Sjouke van der Leij, Hendrik de Boer, Wiebe van Marrum, Louw Adema, Arie Broekstra	5 maaie	09.30-12.00 12.00-14.30 14.30-ein	Evert Wieling, Jan de Boer Anneke Douma, Anke van der Weij Nynke Swart, Ria Noordenbos
da	13 july	19.00	Lambertus de Ree, Germ Boersma, Peter Tolsma	14 july	09.45-12.30	Afke Kuipers
	6 sept.	19.00	Martijn van der Meulen, Jarig Jan Boersma, Laurens en Chris Hiemstra, Johan Dekens, Jesper Tolsma, Jesse Vrieswijk	7 sept.	13.00-15.30 15.30-ein	Nynke Boersma, Baukje Heeringa Yfke Terpstra, Atty Gietema

	datum	tiid	fjildlizzers	datum	tiid	wa?
	26 april	19.00	Eerde Adema, Johannes Gerben Brinksma, Melle Fopma, Willem Hofstra	27 april	12.30-15.00 15.00-ein	Margriet Jorna Inge de Vries
	11 maaie	19.00	Hendrik Zijlstra, Bauke Andries Boersma, Jelte Bokma	12 maaie	13.00-15.30 15.30-18.00	Albert de Haan Debby Koot
	18 maaie	19.00	Fjildliskommisje, Willem Heeringa, Klaas Hijlkema, Willem Fopma, Piet Brouwer, Sjoerd de Boer			
	1 juny	19.00	Wytse Erik Tijssen, Jan Jorna, Mark van Dijk, Mark van Es, Alle Jan Wijnstra, Pieter Alberda			
	28 juny	19.00	Stefan van der Leij, Leon Sjoerdsma, Simon Sjouke Zijlstra, Jan Bergsma, Siebe Pyt Fennema	29 juny	10.00-12.30 12.30-15.15 15.15-18.00 18.00-20.45	Jannie Sjonger, Janna R. Bokma Hinke R Miedema, Gradeke Terra Janet Bokma, Esther Elzinga Sandra Jorna, Iris van Dijk
houdbedrijf	12 july	20.00	Mei syn allen fjildlize	12 july	20.00-ein	Gerrit en Marga Hafma
				19 july	19.00-20.30	Selsbetsjinning
	31 aug.	10.30	Fjildliskommisje, Wilco de Boer, Janna Bokma, Lars Tijssen, Thijs van Dijk, Bennie van Dijk	31 aug.	13.00-18.00	Sportstichting
n	31 aug.	10.30	Fjildliskommisje, bestjoer, Theunis Hoekstra, Frank Vermeulen, Werner Vermeulen, Albert Hofstra, Fokke Durk Bergsma	1 sept.	09.00-12.00 12.00-15.00 15.00-ein	Jelmer Lageveen, Albertine Mulder Brecht Smit, Mirte Wijnstra Anne Baukje Bloem, Albertine Brinksma
				13 sept.	19.00-20.30	Selsbetsjinning
	14 sept.	19.00	Teatskommisje, Hedzer Fennema, Folkert Boersma, Simon Hoekstra	15 sept.	09.45-12.15 12.15-14.30 14.30-ein	Symen Miedema Pytsje Pasma Jitze Miedema

# Keatskammeraat

We witte dat it hiele protte minsken it keatsen yn Reduzum in hiel waarm hert tadrage. Foar al dizze echte keatsleafhawwers, partikulier as bedriuw, biedt de keatsferiening Jan Reitsma Reduzum de mooglikheid om Keatskammeraat te wurden.



## *Wat hâldt dit yn?*

Foar in ynlis fan minimaal 25 euro yn it jier wurde jo Keatskammeraat fan KF Jan Reitsma Reduzum. Jo namme komt dan, mei permisje, op in prachtich 'Keatskammeraten-boerd' dat yn de sportbar hinget. In protte minsken giene jo al foar, mar der is wis noch romte foar mear!

## *Wat docht de keatsferiening mei de opbringst?*

Elts jier organisearret ús feriening op de sneins fan de merke in manljus 1e klasse KNKB-partij. De kosten fan dizze partij wurde diels dutsen troch de Keatskammeraten. Fansels wurdt jo namme as Keatskammeraat ek neamd yn it programmaboekje fan de KNKB-merkepartij. It jild wat fierder beskikbaar komt, brûke we foar alderhande jeugdaktiviteiten om de keatssport yn de trije doarpen hieltyd wer in boost te jaan.

## *Liket jo dit wat ta?*

Nim dan kontakt op mei de sponsorkommisje, fia Willem Fopma, fia [kfjanreitsma@gmail.com](mailto:kfjanreitsma@gmail.com) as 06-15115421. Op dizze wize stypje jo de keatssport yn de trije doarpen!



# Technyske saken, seleksje, belied en hâlden en dragen

## SELEKSJE OFDIELINGSPARTOEREN

De technyske kommisje (TK) wurdt gearstald troch it bestjoer fan KF Jan Reitsma Reduzum. Dizze kommisje is belêste mei de taak om de seleksje te meitsjen fan (jeugd)leden dy't yn oanmerking komme foar de ôfdielingspartoeren. Dizze partoeren fertsjintwurdigje ús feriening op KNKB- en regio ôfdielingswedstriden en NK's yn ferskate leeftiidskategoryen. It seleksjetrajekt foar de jeugd fynt plak foar it seizoen. Hoe't dat giet falt te lêzen op ús webside. Dit jier ha we ek neitocht hoe't we yn de takomst mei leden fan bûten Reduzum, Friens en Idaerd omgean yn de ôfdieling. Leden út bygelyks Wytgaard wurde as gewoan lid sjoen en meie útkomme foar de klup. Leden fan fierder, bûten ús postkoadegebiet, saneamde 'eenlingen', kinne har melde by it bestjoer. Lid wurde kin fansels altyd, útkomme foar it ôfdielingspartoer leit dan wat yngewikkelder. Per gefal wurdt sjoen troch de TK as dit it ôfdielingspartoer in kwaliteitsympuls jout yn de betreffende kategory. As dat sa is kin der in fersyk 'spylgerjochtichheid' dien wurde by it KNKB.

## Gedrachskoade

Oandacht foar gedrach rûn, lâns en bûten it fjild bliuwt der wis en wrachtich ek yn 2024. It bestjoer fynt dat we hjirmei nei bûten komme bliuwe moatte. Op ús webside ha we in gedrachskoade stean, dêr't wy as bestjoer en ferieniging foar steane en stean wolle.

Yn it koart komt it hjir op del:

1. Behannelje oaren sa jo sels ek behannele wurde wolle.
2. Hâld respekt foar je maten, de tsjinpartij, trainers, coaches, skiedsrjochters, bestjoerders, frijwilligers en fansels it publyk.
3. Wês sunich op en mei materiaal fan de klup, lykas spul fan oaren.
4. Helpe mei putsjes as fjildlizze, kantinetsjinsten, skjinmeitsjen, opromjen, karmasterje, in jeugd-wedstrydsje begeliede, blokjerinne is tige wichtich en is de gewoanste saak fan de wrâld. Mei syn allen is de grutte bulte wurk sa oan de kant!
5. As je fine dat der dingen barre as sein wurde dy't oan boppesteande punten foldogge, meie jo dyjinge der op oansprekke en ek melde by it bestjoer.
6. Sûnt twa jier ha we fertrouwenspersoan, dhr. Nijman, mocht der dochs wat mis wêze.

It liket hiel wat, mar it is eins hiel gewoan en normaal.

In protte keatswille mei syn allen!

